

# Yn it spoar fan Hieke

Yn de tiid dat dûmny Alting noch even delstruts op sneon-te-jûn wie de griffermearde tsjerke noch yn folle gloarje. Dat soe linkendewei feroarje. It tal lidmaten rûn tebek en de opkomst hie der ek wol oan. Op 1 jannewaris 1983 waard de tsjerke sluten. Der kaam in gearwurking mei dy fan Balk, mar guon griffermearde Wikelders seinen: noch leaver nei de herfoarmden fan Wikel as nei de griffermearden yn Balk. Koster Jan Folkerts kaam suver hast op strjitte te stean. Folkerts kocht lykwols de tsjerke en de pastoary, want yn dy lêste wenne hy al. Jan Folkerts kaam fan Warkum en wie dêr keeper by de fuotbalklup, ek doe't hy al yn Wikel wenne. Doe't syn team op in sneon-te-middei dik ferlear sei in Warkummer: 'Hast mar wer in soad trochlitten, Jan'. Jan': 'Moarn lit ik noch mear troch' en doelde op de tsjerkegongers foar wa't hy de doar iepenhold.

De griffermearde tsjerke fan Wikel hat my in grut diel fan myn libben hjitfolge. Ik koe net op in hynstekeuring, fokdei of concours hippique yn de Drachtster en Ljouwter kontreien komme as Henk Schotanus (fan Ulke-Tryn út de Sânmear) frege oft dy stien mei 'Eben Haezer' (Tot hertoe heeft de Heere ons geholpen) noch yn de gevel siet. Neffens my wol, by myn witten. 'Dy soe'k wol keapje wolle', sei-er dan. 'No wat let je'. De fraach kaam jimmer en eftlik werom, it andert wie altiten itselde. It is der net fan kommen. En Henk is net mear.

Njonken de tsjerke wenne Sjirk van der Land. In warber man mei in molkkarre mei in kêdde. Hy helle syn produkten fan it suvelfabryk fan Balk. Ast by Sjirk op it hiem wiest koest samar, mar wol illegaal, nei de Norde rinne. Der rûn in foech paad en it hie deroan. Kaamst út op it hiem fan Atte Roskam, ek molktapper, mar dy helle syn foarrie fan de Lijempf yn Sleat.

Achter de 'kabine' op de karre fan Sjirk stiene de molkbussen. Hy hie in route troch Wikel en út en troch oer Sondel en Mardum. Dat wie feest, dan mochten wy as bysfeinten meiride. Sieten je wol in hiele dei mei de kont op dy bussen, mar as jo neat wend binne is soks al ridlikgau in fersetsje. 'Weet je nog van Sjirk van der Land met die bussen op die

wagen. Ik zal het nooit vergeten....Mochten wij de hele dag mee.' Ik siteer no even Jenny Buwalda, al yn de tachtich de hiele wrâld oerswalke mei in camper, oant de Lofoten ta, mar it ritsje op de molkbussen soe se nea ferjitte. Jenny kaam mei har twallingsuster – wat wienen dat krease froulju – , broer, heit, mem en beppe as evakué yn de oarloch út de Tweede Oosterparkstraat 184 (ien heech), Amsterdam, by ús. Der kamen ek noch in muoike en omke efteroan. Ach, hoefolle lju yn Wikel hienen net evakuees út Amsterdam en ek út Limburg. Nei de oarloch kamen se as útfanhúzers, mar se fergeaten Sjirk net en dy mocht ek by harren in pear dagen trochbringe yn Amsterdam. Yn 1948 hat in lytse delegaasje Bargebeksters troch de Buwalda's de 'kroningsfeesten' yn Amsterdam bywenne. Mei de Staverse boat oer nei Inkhuzen en dan fierder mei de trein Amsterdam CS. 'Van der Blom en Van der Aa' stie der mei grutte letters op it ein fan it perron.

Sjirk en syn Jetske hienen in yn myn beleving in fleurige húshâlding. Soan Geart naam de saak fan syn heit oer en joech der in eigen Schwung oan. Hy krige letter in supermerk op Texel. Hy hat ek noch op Nieuw Guinea tsjinne oant Robert Kennedy dêr in ein oan makke. It wie it lêste stik Yndië dat wy hienen. Jierrenlang namen wy elke moandei-te-moarn in sint mei nei skoalle foar de 'ja-knikker', dat wol sizze foar de sinding yn it grutste moslimlân fan de wrâld..... Ik hie mei Truke it measte kontakt; wy boarten mei-elkoar en spilen letter de pannen fan it dak by DTG.

Letter mear.

Willem Stegenga.